

freed 10 oktober 2014, 20.00 oere, Johannestsjerke Burchwert

fleurich en tagonklik konsert foar oargel en fluit

fersyknûmers frege !!!

oargel: Sebastiaan Schippers

fluit: Jelte de Jong

Sebastiaan Schippers en de noch o sa jonge Jelte de Jong (sopraanblokfluit en altblokfluit) spylje tegearre likegoed as solo in tal tagonklike en oansteklik fleurige wurken fan it klassike repertoire. Tink oan komponisten lykas Vivaldi, Telemann, Corelli.

Fierders sil Sebastiaan Schippers ymprovisearje op bekende en dierbere lieten. Under it konsert is it mooglik noch in tal lieten op te jaan foar ymprovisaasje. Sa ûntstiet der in wikselwurking mei it publyk, en wurdt in konsert sa't it fanâlds bedoeld is: spannend, mei elk op it puntsje fan é stoel - ek de musisy!

It konsert duorret likernôch 1 oere; de tagongspriis is € 5 (fan 17 jier ôf; jongere besikers fergees); nei ôfrin is der in bakje tee of kofje te krijen.

Foar mear ynformaasje: Liuwe H. Westra, 0517-469245,  
[liuwe.westra@mensa.nl](mailto:liuwe.westra@mensa.nl)